

resinsje

# Eigensinnich en opfallend debút

Sjoerd Bottema

De haadfiguer slacht de hân oan himsels, wurdt mishannele, mishannelet in oar of rommet dy út 'e wei, dat is wat der bart yn acht fan de tsien ferhalen, dêr't Sipke de Schiffart mei debutearret ûnder de titel *Wat it is om bang te wêzen*. Yn ien fan de beide restearjende ferhalen is de haadfiguer yn de gelegenheid om immen it libben te rêden, mar stekt er gjin poat út. Unberikbere moaie froulju spylje gauris in rol. De haadfigueren binne abjekt of begrutlik of allebeide.

De haadfiguer fan it titelferhaal is Oepke. Oepke krijt altyd samar in fjoerreade kop. Dêrtroch is er minskeskou wurden. Op de trouresepsje fan syn suster wurdt er troch de seremoanjemaster op it podium noege. Oepke slút himsels op yn de wc. In stel jongelju bivakkeare by de wc-doar en deadzje dêr de tiid mei bier en flauwe grappen. De skriuwer lit dat witoelang trocheamelje, mar dat soarget der wol foar dat de sfear fan algehiele lamliddigens goed ta de lêzer trochkringt. Oepke lit him al dy tiid net hearre. Uteinlik snijt er him sels de polzen troch. Dat is al even skrikken, mar gjinien is der echt rouwich om. Sterker noch, Riemer, de brêgeman, is der wol bliid mei: no kin hij op de pleats fan skoanheit. 'Hy hie altyd hope dat dy jonge nochris ûnder de trekker komme soe, mar sa koe it ek. It skeelde net folle of hy hie dy jûns foar it earst yn syn libben dûnse.'

It twadde ferhaal falt wat bûten it ramt fan selsmoard, moard of mishanneling, mar rekkenje ik wol ta de bêste. De haadfiguer hat in morbide mar fierder ûnskuldige hobby dêr't er gjinien kwea mei docht: it ôfreizgjen fan begraffenis. Fan poerfrjemden. Hy docht him dan foar as goede kunde fan de ferstoarne. Dêr is er hiel betúft yn wurden. It kontrast tusken syn meilibjend praat en stikeme bygedachten wurket komysk.

Twa ferhalen waarden bekroand mei in Rely Jorritsmapriis: *Toe Sippy ju!* – oer in man dy't yn syn jeugd seksueel misbrúkt waard en tritich jier letter ûnderweis is om de dieder te fermoardzjen – en *Leafde nei de dea* – oer in man dy't, trije jier neidat se it útmakke hat, de frou fermoardet dêr't er in relaasje mei hie en it op de begraffenis oanleit mei har kreaze suster. *Lotte op de Feanhoop* waard skreaun yn de Skriuwersarke. Op in moarn betiid swimt der in frou yn de Ie. Se reagearret net op de freonlike groet fan de ikfiguer. Dêr sil se noch spyt fan krije.

Wraak is ek it motyf yn *It gelyk fan rjochts*, *Hawwe jo dat ek wolris?* en *Ferrassing*.

Ien kear yn 'e moanne komme de seis leden fan sosiëteit It Bierkrânske byelkoar om te praten oer polityk, keunst en datsoarte saken. Op ien fan dy jûnen spitst de diskusje him ta op it ferskil tusken links en rjochts. It petear spilet him foaral ôf tusken Domela (links, dus dy namme sil wol gjin tafal wêze) en de ikfiguer (Peter, rjochts).

Peter sjocht himsels as in earsten debater en grapjas: de iennichste allochtoanen dy't de er hjir tolereart, binne horeka-ûndernimmers en prostituees. 'Dat we foar de feroaring ek ris wat oars ite kinne en sa...' Oant safier typysk borreltafel swartwytpraat, dat troch de skriuwer trouwens oant ferfelens ta útmolken wurdt, krektlyk as de flauwe grapjasserij yn it titelferhaal en mei itselde effekt. Mar de oare deis rekket Peter slim ferkâlden. Hy fertinkt Domela derfan dat dy him mei opsetsin besmet hat. Dat sil foar Domela gefolgen ha.

Yn *Hawwe jo dat ek wolris?* krijt Dooitzen Bot op in terras selskip fan in man, dy't him oan ientriedwei it soarte fragen steld dêr't de titel op wiist. 'Hawwe jo dat ek wolris

dat jo as jo in auto hurd remjen hearre, jo dan hoopje dat der in hurde klap op folget?' In rige fragen dy't kulminearret yn – der rint op dat stuit krekt in swangere frou foarby en dat bringt de sitewaasje dêr't de fraach op doelt, ynienen aaklik tichteby, al dy oare fragen dat wie mar teory, no wurdt it mienens, wat ûnderstreke wurdt trochdat de fragesteller oerstapt fan it ôfstannelike 'jo' nei it yntime 'do': 'Hasto dat ek wolris, ast in swangere frou sjochst, datst dan de oanstriid hast om har in skop yn 'e búk te jaan?' Dooitzen griist fan de man, mar utinlik blykt dat dy syn wurden him dochts op de iene of oare manier rekke ha. De titel fan it ferhaal *Ferrassing* slacht sawol op in personaazje út it ferhaal as op wat der úteinlik bart. Harry is lid fan in datingsite. In frou ûnder de skûlnamme Ferrassing siket kontakt mei him. Dit liket presys de goeie frou te wêzen, kreas en yntelligint. Uteinlik meitsje se in ôfspraak yn in kafee. Dêr hat Ferrassing in ferrassing foar Harry yn petto.

De twa restearjende ferhalen geane oer de hopeleaze leafde fan in man foar in moaie mar foar him ûnberikbere frou. Yn *De lêste*

*simmer fan Sikke Monsma* liedt it fergees sykjen om dy moaie frou derta dat it yndied Sikke syn lêste simmer wurdt. In moeting mei in keppel nijsgjirrige hokkelingen bringt Sikke op in gedachte dy't syn relaasje mei it oare geslacht aardich typearret: 'Wie ik mar sa populêr by de famkes, tocht er ûnwillekeurich en hy begûn wer stadich te joggen. It soe dochts moai wêze as je lâns in skoalplein rûnen fan in havo/vwo en alle famkes kamen dravend nei it stek en ast der oerhinne klomst, soene se dy allegear tútsje en streakje en slikje...'.

Yn *Longerje nei Lolkje* treft Sibe Terpstra op in lange kuier de moaie Lolkje. 'Doe't er har ynhelle hie, strôtskrabe er, doe sei er de sin dy't er de lêste meters taret hie: "Do rinst oan de ferkearde kant fan 'e dyk, fanke, dat is gefaarlik, kinst it bêst oan de lofterkant rinne, dan sjochst it ferkearde dat op dy ôfkomt, altyd oankommen.'" In wat knullich, braaf en faderlik begjin fan de konversaasje, moaiwaarpraat dat prachtich kontrastearret mei de geile gedachten dy't Sibe op datselde stuit dwaande hâlde: 'Har foarkant mocht der ek wêze, stelde er fêst. In platte búk en pronte boarsten.' Se rinne in eintsje mei elkoar op, oant se by it punt komme, dêr't elk in oare kant út moat. Nei it ôfskie wurdt Sibe oerriden troch in auto. Lolkje sjocht it gebeuren, mar rint troch. Sibe oerlibbet it ûngelok en docht noch alle war, mar fergees, om Lolkje op it spoar te kommen. It ferhaal hat in prachtige slotsin, namste mear omdat er sa moai oanslút by Sibe syn lullich feilich-ferkeardepraat fan destiids: as Lolkje, ûnderwilens trouw mei in Brabander en mem fan trije bern, twa famkes en ien jonkje, 'in eintsje omrint – wat nochal ris foarkomt, want sy wennet yn in prachtige omjouwing, it plattelân fan Brabân is hast like moai en leaflik as dat fan Fryslân – as hja dus in eintsje út te kuieren giet, allinne of achter de buggy of jûns hân yn hân mei har man, dan rint se altyd oan de lofterkant fan 'e dyk.'

Neffens de flaptekst – in sitaat út it Relysjueryrapport – binne de ferhalen fan De Schiffart 'masterlik yn modern Frysk ferteld'. Wurden as 'lofts' en 'lofterkant' binne fansels allesbehalve modern Frysk. As it om wurdkear giet slacht De Schiffart, ynstee fan modern te wêzen, wol faker yn it konservative troch. Wat te tinken bygelyks fan 'abbekaten' en in ûnmooglik wurd as 'faasjemeter'? Wurden as 'hoastbui' en 'kribelhoast' komme ek

Sipke de Schiffart  
*Wat it is om bang te wêzen*  
Frieze Pers Boekerij, Ljouwert 2012  
€ 15,-



hiel nuver op my oer, foaral as ik se lûdop (mei brekking dus, krektlyk as 'hoastje') útsprek. De reaksje fan de automobilist, in rike skevel yn in útwriidske Jaguar, dy't Sibe Terpstra oanried, is typearjend foar De Schiffart syn oanstriid om alles mei de gek te beslaan. Hy draaft dêr wolris wat yn troch en dan wurdt syn humor karikaturaal en fan dik hout. Op in feestje praat de sjauffeur oer it ûngemak as gong it om in noflik oantinken. 'Nei in bocht by Nylân hie ik efkes it s'ke yndrukt, jonges, ik joech gas en op it folgjende stuit hie ik ferdomme dy sleaukert op de kofferbak. Wylst ik noch mar trije wike yn dy auto ried en him krekt yn de lak sette litten hie. Dy malloat besocht earst te fleanen, as in emoe, doe't dat net slagge, woe er in strúsfûgel imitearje, wat ek al mislearre, want asfalt is justjes hurder as sân, no. Lökkigernôch koe myn Jag noch ride.'

'Stront is goed foar de natuer; de minske in ramp, in fergif. It iennige goede fan de minske is syn stront!' Behalve misantropysk binne de personaazjes fan De Schiffart minskeskou, ferknipt, frustrearre, selsynnommen, gefoelleas, sûnder gewisse en wraaksuchtich. De trochsneed lêzer sil net folle ferlet ha om him mei ien fan harren te identifisearjen. Likegoed hâlde krekt dy eigenaardichheden en it begrutlike of grouwêlige hâlden en dragen dat dêrút fuortkomt, dyselde lêzer besnijing. De Schiffart bekriuwet alle ellinde mei in swartgallige, flymjende humor dy't tagelyk relativearret en ôfstân nimt. In eigensinnich en opfallend debút. ■